

Examen VMBO-GL en TL

2013

tijdvak 1
woensdag 15 mei
13.30 - 15.30 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 47 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 52 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1

- 1p 1 Hokker funksje hat alinea 1?
A It is in gearfetting.
B It is in konklúzje.
C It is in oanlieding.
D It is in probleemstelling.

De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 2, 3 en 4.

Neffens de rigels 1,2 en 3 is Marius de Boer earst muzikant, dêrnei pas tekstskriuwer.

- 1p 2 Hokker feit út alinea 1 liket dêrmei yn tsjinspraak?
- 1p 3 Hokker sinpart út alinea 4 liket dêrmei yn tsjinspraak?
- 1p 4 Hokker alinea ûnderstreket dat er yn it foarste plak muzikant is?
- 2p 5 Hokker beide arguminten wurde neamd om de band de namme 'Reboelje' te jaan?
- 1p 6 Hokker tuskenkopke past it bêste boppe alinea 6?
A Foaral muzikant
B Gjin beheiningen
C Neptaal
D Wurkwize
- 1p 7 Hokker alinea's geane oer de ynhâld fan de teksten yn de bondel *Ik sjong foar dy*?
A alinea's 5, 6 en 7
B alinea's 5, 6, 7 en 8
C alinea's 5, 7, 8, 9 en 10
D alinea's 5, 8, 9 en 10
- 1p 8 Yn alinea 8 giet it om it liet *Fersen*, yn alinea 9 om it liet *Djip yn myn siel*. Hokker bewearing is neffens De Boer wier?
A Beide lieten binne autobiografysk.
B Beide lieten binne net autobiografysk.
C *Fersen* is net autobiografysk, *Djip yn myn siel* al.
D *Fersen* is wol autobiografysk, *Djip yn myn siel* net.

De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 9 en 10.

De tekst bestiet út fiif parten:

- 1 De persoan Marius de Boer
- 2 It ûntstean fan Reboelje
- 3 De opset fan de bondel *Ik sjong foar dy*
- 4 De oanpak fan Marius de Boer
- 5 Ofsluting

1p 9 Mei hokker alinea begjint part 2?

- A mei alinea 2
- B mei alinea 3
- C mei alinea 4
- D mei alinea 5

1p 10 Mei hokker alinea begjint part 3?

- A mei alinea 3
- B mei alinea 4
- C mei alinea 5
- D mei alinea 6

1p 11 Op hokker alinea slút alinea 11 ynhâldlik it bêste oan?

1p 12 Wat soe De Boer bedoele mei “it ynderlik konflikt fan de boargerman en de dichter?” (r. 117-118)

It konflikt tusken

- A al of net frou en bern
- B goed en min gedrach
- C werklikheid en dream

De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 13 en 14.

Yn de bondel *Ik sjong foar dy* komme neffens alinea 5 ferskate soarten lieten foar.

1p 13 Fan hokker soort liet is *Fersen* in foarbyld?

- A It is in foarbyld fan in filosofyske prakkesaasje.
- B It is in foarbyld fan in leafdesliet.
- C It is in foarbyld fan in mearke-eftige tekst.

1p 14 Fan hokker soort liet is *It hjirfoarmels* in foarbyld?

- A It is in foarbyld fan in filosofyske prakkesaasje.
- B It is in foarbyld fan in leafdesliet.
- C It is in foarbyld fan in mearke-eftige tekst.

- 1p 15 Yn de alinea's 8, 9 en 10 wurde ferskillende titels fan lieten neamd. Hokker fan dy lieten stiet net op himsels?
- A *Djip yn myn siel*
 - B *Fersen*
 - C *It hjirfoarmels*
 - D *Tunnel fan it ljocht*
- 1p 16 Wat is it wichtichste doel fan de tekst?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje
- 1p 17 Yn in ynterview kin in sjoernalist gebrûk meitsje fan
- 1 feiten
 - 2 de miening fan syn gesprekspartner
 - 3 de miening fan oare minsken
 - 4 syn eigen miening
- Wêr makket Sietse de Vries yn dizze tekst yn haadsaak gebrûk fan?
- A fan 1 en 2
 - B fan 1, 2 en 3
 - C fan 1, 2 en 4
 - D fan 1, 2, 3 en 4

Tekst 2

- 1p 18 De tekst begjint mei: "Ien kear... is stoarn". (rigel 1-3) Hokker bewearing past it bêste by dit stikje tekst?
- A It is in anekdoate.
 - B It is in gearfetting.
 - C It is in konklúzje.
 - D It is in oanlieding.
- 1p 19 Yn de rigels 4 oant mei 7 stiet: "de minsken dy't him foarôfgeand oan Simmer 2000 *It Wrede Paradys* yn 'e pinne praat ha".
→ Wat bedoelt de skriuwer fan dizze tekst dêrmei?
- 1p 20 Yn de rigels 3 oant mei 7 stiet: "Sa'n foarfal ... praat ha."
→ Sitarje út alinea 2 de sin dêr't dy sterke bân ek út blykt.
- 1p 21 Hokker bewearing past it bêste by alinea 3?
- A Bûtenlânske buertgenoaten sykje elkoar op.
 - B Emigranten krije yn har nij lân samar oare Friezen op besite.
 - C In nij boek soarget foar in toeristestream nei Fryslân ta.
 - D Poerfrjemde Friezen komme op besite by Speerstra.

- 1p 22 Hokker tuskenkopke past it bêste boppe alinea 4?
A Fernijde ferzje
B Nije ferhalen
C Tsien jier letter
D Werprintinge
- 1p 23 Yn de rigels 52 oant en mei 56 stiet: “Om’t de measten doedestiids al aardich op jierren wiene, wie it te ferwachtsjen dat in part fan de minsken út de earste ferzje fan *It Wrede Paradys* net mear libje soe”. Hokker ferhaal slút it bêste by dy ferwachting oan?
A it ferhaal fan Willem van Dijk syn soan (alinea 5)
B it ferhaal fan Jan Velstra (alinea 6)
C it ferhaal fan Jappie Strikwerda (alinea’s 7 en 8)
- 1p 24 Wat bedoelt Willem van Dijk mei de útspraak: “Wy binne by de lêste knik fan de tûmstôk”? (rigel 63-64)
A Hy bedoelt dat er belangrike saken leaver oan syn soan oerlit.
B Hy bedoelt dat er gjin grutte einen mear reizgje wol.
C Hy bedoelt dat er net sa lang mear te libjen hat.
D Hy bedoelt dat er op syn leeftiid gjin timmerman mear wêze kin.
- 1p 25 Hokker funksje hat alinea 8?
A It is in anekdoate.
B It is in konklúzje.
C It is in oanfolling.
D It is in oanlieding.
- 1p 26 Yn de rigels 113 oant en mei 116 stiet: “In hieltyd weromkommend tema yn de oanfollingen oer de perioade 2000 - 2010 binne de gefolgen fan de lânboukrisis foar de wrâld.”
→ Wêrom kin dat net jilde foar it emigranteferhaal oer Willem van Dijk (alinea 5)?
- 1p 27 Jack Reitsma neamt yn rigel 127 it ferskynsel ‘kowerútsjessyndroom’. Reitsma is sels net it slachtoffer fan dat syndroom.
→ Lis dat út.
- 1p 28 Hokker tuskenkopke past it bêste boppe it tekstpart fan de alinea’s 9 en 10?
A Jack Reitsma
B Kowerútsjessyndroom
C Lânboukrisis
D Superûndernimmers

- 1p 29 Hokker typearring past it bêste by alinea 12?
- A It giet om in konklúzje út de hiele foarôfgeande tekst.
 - B It giet om in oprop om foar emigraasje talen te learen.
 - C It giet om in tal mieningen oer yntegraasje fan emigranten.
 - D It giet om in warskôging tsjin hastige emigraasje.
- 1p 30 Yn rigel 158 stiet it wurd sje 'dêr'.
→ Wêr ferwiist dat wurd sje krekt nei?
- 1p 31 Hokker trije betingsten foar súksesfolle emigraasje wurde neamd yn de alinea's 11 en 12?
- A De emigranten moatte hurd wurkje wolle, se moatte goed op 'e sinten passe en yntegrearje.
 - B De emigranten moatte ree wêze om de taal te learen, se moatte har omraak fermannichfâldigje en se moatte yntegrearje.
 - C De kultuer moat net hiel oars wêze as wat se wend wiene, se moatte goed op 'e sinten passe, en se moatte har omraak fermannichfâldigje.
 - D De kultuer moat net hiel oars wêze as wat se wend wiene, se moatte ree wêze om de taal dêr te learen, en se moatte hurd wurkje wolle.
- 1p 32 In emigrant is ien dy't syn bertelân ferlit en yn in oar lân in nij bestean besiket op te bouwen.
Wa is gjin emigrant?
- A Willem van Dijk (alinea 5)
 - B Jan Velstra (alinea 6)
 - C Rommert Boonstra (alinea 7)
 - D Jappie Strikwerda (alinea 7 en 8)
 - E Klaas van der Veen (alinea 11)
- 1p 33 In skriuwer kin by it skriuwen fan teksten gebrûk meitsje fan
- 1 feiten
 - 2 syn eigen miening
 - 3 mieningen fan oaren
- Wêr hat de skriuwer fan de tekst, de sjoernalist Sietse de Vries, benammen gebrûk fan makke?
- A fan 1 en 2
 - B fan 1 en 3
 - C fan 2 en 3

De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 34, 35 en 36.

Nei de fetprinte ynlieding kin de tekst yn fjouwer stikken ferparte wurde:

- 1 Ynformaasje oer it ûntstean fan *It Wrede Paradys* en in pear gefolgen fan de útjeftte dêrfan.
- 2 Hylke Speerstra syn plannen oer in ferfolch op de ferhalen út *It Wrede Paradys* fan 2000.
- 3 Foarbylden út de oanfollingen by de besteande emigranteferhalen út *It Wrede Paradys* (nije ferzje).
- 4 Ynformaasje út noch net earder publisearre emigranteferhalen út *It Wrede Paradys* (nije ferzje).

1p **34** Mei hokker alinea begjint part 2?

1p **35** Mei hokker alinea begjint part 3?

1p **36** Mei hokker alinea begjint part 4?

2p **37** Sietse de Vries besprekt yn de tekst de oanfolling op de earste ferzje fan Hylke Speerstra syn boek *It Wrede Paradys*.

→ Hokker stikken derút lit hy by dat besprek bûten beskôging?

Tekst 3

1p **38** Hokker ferbân is der tusken it sinpart “Hy is ... hurd giet,” (rigel 1-2) en it sinpart “mar foar ... sunige auto” (rigel 2-6)?

- A It is in ferlykjend ferbân.
- B It is in opsomjend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

1p **39** Hokker ferbân is der tusken it tekstpart: “In Nissan GTR ... mar € 120.000” (rigel 6-10) en de sin: “No moat ... samling miniatuersportauto’s.” (rigel 10-12)?

- A It is in ferlykjend ferbân.
- B It is in opsomjend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

2p **40** “Sûnder swierrichheden ... en luchtwjerstân.” (rigel 17-20)

→ Hoe komt it dat Nico dat sa maklik kin? Neam trije ferklearringen.

2p **41** “Gong jout in kick”, (rigel 21) neffens Nico.

→ Yn hokker twa sporten is gong wichtich foar him?

Sjoch foar de lêste fragen de folgjende side.

- 1p 42 Yn rigel 42 stiet it wurdsje 'dêr'.
Wêr ferwiist 'dêr' nei?
A It ferwiist nei de útdaging.
B It ferwiist nei entûsjaste reaksjes fan de Makkumer.
C It ferwiist nei jongeren fan njoggen oant njoggentjin jier.
D It ferwiist nei National Geographic Channel.
- 1p 43 Wêrom betocht Nico him ûnderweis fan skoalle nei hûs ta?
A Hy die dat om't immen oars al ris op dat idee kaam wie.
B Hy die dat om't syn heit it idee net útprobearje woe.
C Hy die dat om't syn idee hast net út te fieren wie.
D Hy die dat om't syn idee net geskikt wie foar Green Dream District.
- 1p 44 Wêrom krige Nico de kâns om in enerzjysunige frachtauto te konstruearjen?
A Omdat dat idee noch net útwurke wie foar it televyzjeprogramma.
B Omdat frachtauto's djoer yn brânjeferbrûk binne.
C Omdat guon frachtautobedriuwen dêrom fregen.
D Omdat Nico opfoel troch syn iver.
- 1p 45 Nico gong tegearre mei ekspert Rudolf Huisman fan DAF-trucks oan 'e slach.
Wêrom die Nico dat?
A Hy die dat om ynsicht te krijen yn enerzjysunige modellen fan frachtauto's.
B Hy die dat om ynsicht te krijen yn it brânjeferbrûk by frachtauto's.
C Hy die dat om ynsicht te krijen yn miljeufersmoarging fan frachtauto's.
D Hy die dat om ynsicht te krijen yn prizen fan ferskillende frachtauto's.
- 2p 46 Yn de alinea's 1 en 6 kinst lêze dat gong en technyk wichtich binne foar Nico.
→ Sitearje út elk fan de beide alinea's de sin dêr't dat út bliken docht.
- 1p 47 Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer fan de tekst, Koen Pennewaard?
A De lêzer yn 'e kunde komme te litten mei Nico Katsburg.
B De lêzer neitinke te litten oer it miljeu.
C De lêzer oan te trunen om nei Green Dream District te sjen.
D De lêzer op 'e hichte te bringen fan nije technyske ûntwikkelingen.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.